

De geast wurdt ryk
troch wat it kriget,
it hert wurdt ryk
troch wat it jout

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Easterlittens komt in actie

Nieuwe Multisport Arena kan
zonder gemeentelijke bijdrage
niet worden gerealiseerd

pagina 3>

Wereldrecord programmeren

Kinderen gingen enthousiast
aan de slag om met een drone
olifantenjacht tegen te gaan

pagina 5>

Jubileumfeest in Easterwierrum

Vrouwenvereniging Passage
viert zeventigjarig bestaan
en hoopt op nieuwe leden

pagina 17>

Ek op It Pertoer yn Weidum is The Daily Mile populêr by de bern ‘Kinderen fitter bij iedere dag een kwartiertje beweging’

Weidum - The Daily Mile, skoal-
bern yn beweging. it wie de
ôfrûne wiken wakker te lêzen yn
'e kranten en te hearren op 'e ra-
dio. Ofrûne 28 septimber waard
dit program yn Nederlân offisjeel
yn gebrûk naam. Ek yn de Greid-
hoeke sette learkrêften de bern
oan it wurk, de bern út de bop-
pebou fan de basisskoalle It Per-
toer yn Weidum drave alle dagen
sa'n 1500 meter. „Een gezond
lichaam, een gezonde geest”, sa
seit leraer Hanno Zomermaand.

Troch Janneke de Boer

It nije skoalseizoen wie noch mar
krekt begûn doe't de jeugd út 'e
boppebou (yn Weidum binne dat
de groepen 6, 7 en 8) in ôflevering
seagen fan SchoolTV. Dizze ôfleve-
ring stie yn it teken fan The Daily
Mile, in bewegingsprogram oer-
waaid út Ingelân. 'Dat wolle wy
ek', rôpen de bern yn koar. En sa
waard yn de twadde wike start mei
it draven fan ynearsten sa'n 1200
meter.

„Ik kende het programma al, de
kinderen werden zelf enthousiast
naar aanleiding van de uitzending
van SchoolTV. The Daily Mile is



De bern fan de boppebou fan It Pertoer drave entûsjast alle dagen in eintsje.

Foto: Hinne Bokma.

gestart in Engeland, waar voor-
malig onderwijzeres Elaine Wyllie
zich zorgen maakte om de slechte
fysieke conditie van leerlingen. In
2012 richtte zij de The Daily Mile
op. Met een simpel doel: Kinderen
iedere dag vijftien minuten laten
bewegen zodat ze fitter worden”,
fertelt Zomermaand.

„Wij zijn in Weidum begonnen

met 1200 meter per dag, momen-
teel zitten we op zo'n 1500
meter. We proberen de route
afwisselend te houden en deze
regelmatig te verleggen. Tegen-
woordig zitten kinderen meer en
meer achter de computer en op It
Pertoer werken wij zelfs enkel nog
met tablets, bovendien maken wij
sinds september gebruik van een

continurooster. Volgens ons moet
je een juiste balans vinden tussen
het werken in de klas én het bewe-
gen. Zo proberen we de leerlingen
een betere leefstijl aan te leren,
gezonder te maken en een betere
conditie te geven.”
De boppebou yn Weidum begjint
moarns om kertier oer achten yn
'e klasse, dan binne se noch fit en

is de konsintraasje noch heech.
Omstreeks 10.45 oere giet Zomer-
maand der mei de bern op út, want
de beweging soarget der ek foar dat
harren konsintraasje letter op de
dei ferbetteret.

„Een van de kinderen merkte op
dat ze er niks van vernam, van de
pluspunten. Ze zei 'ik krijg der in
reade switholle fan en ik ha toarst'.
Als leerkracht merk ik wel dat de
kinderen gedurende de dag langer
gefocust zijn, al zijn ze hier altijd al
super gefocust. Het zijn hartstikke
lieve, keihard werkende kinderen.
Het plan is dat we The Daily Mile
tot de kerstvakantie volhouden, als
het weer het toelaat tenminste.”

Negative lûden hearre de dosin-
ten yn Weidum net fan de bern.
Elts bern draaft it ein yn syn eigen
tempo. „Sommige kinderen zijn
binnen zes, zeven minuten al
weer terug. Anderen lopen onder-
wijl een stukje. Het gaat er niet
om wie de snelste is, het gaat er
om dat je jezelf keer op keer ver-
betert, jezelf uitdaagt en een steeds
groter gedeelte hardloopt. De snel-
sten moedigen de anderen aan op
het plein als ze het weer halen”, sa
ljochtet Zomermaand ta.

SDS bliuwt nij gersfjild foarearst gewoan brûken

Easterein - Mei in fikse traap tsjin
de bal iepene boargemaster Jo-
hanneke Liemburg fan Littense-
radiel woansdeitejûn 5 oktober
it fernijde sportfjildenkompleks
De Skoalleseize yn Easterein. De
klaiboksen binne fernijd, it B-
fjild is oanpast en op it haadfjild
leit no keunstgers.

Krekt op de dei dat it fjild iepene
waard brocht tillefyzjeprogramma
Zembla nei bûten dat der by wit-
tenskippers grutte twifels binne
oer de feiligens fan keunstgers.
Keunstgers soe de sûnens fan de
minksen yn gefaar bringe. Om it
keunstgersfjild lykje te litten op
in echt gersfjild wurde der tus-
ken de keunstsprietten mealde
autobannen brûkt. Yn autoban-
nen soene neffens Zembla hege
wearden fan sink, oalj en giftige



kankerferwekkende stoffen oan-
troffen wêze. Foarsitter Marrie Eringa fan De
Skoalleseize joech by de iepening
oan dat it stichtingsbestjoer en
de fuotbalklub SDS de útkom-
sten fan it ûndersyk fan RIVM
ôfwachtsje. De kommende tiid

wurdt it fjild gewoan brûkt troch
SDS. Ta gelegenheid fan de iepening
spile it earste fan SDS in oefen-
wedstriid tsjin sc Heerenveen
JO19-1. De einstân wie 8-1 foar
de klup út it Hearrenfean. Foar
SDS skoarde Jelmer Posthumus.

CD presintaasje Sytse Haima

Weidum - Op sneintemiddei 30
oktober (16.00 oere) sil Sytse
Haima, by guon miskien bekend
as “de stille” fan Pigmeat, syn CD
“De stille jout lûd” presintearje
yn it doarpshûs fan Weidum.

Nei't Pigmeat yn 2009 stoppe, is
Sytse altyd dwaande bleaun yn de
muzyk mei ferskillende bands en
solo as troubadoer. Dêrneist hat er
altyd dwaande west mei it skriuwen
en opnimmen fan eigen Frysktalige
ferskes en in part dêrfan ferskynt
no op dizze earste solo CD.
De ferskes op dizze CD binne
meastentiids persoanlik en beskôg-
jend, mar somtiids ek wat healwiis
mei in knypeach. De muzyk is te
omskriuwen as folk en roots mei
in poppy rântsj. De CD wurdt útbrocht troch
Marista yn Dronryp.

By de presintaasje fan de CD krijt
Sytse help fan trije gastmu-
zikanen: toetsenist Menzo Rohn,
bassiste Marije Hoekstra en gitarist
Jan van der Wal.



Foto: Piet Douma

 uw voeten in goede handen
Clara
Medisch- en oncologisch
voetzorgverlener
Breed gespecialiseerd in behandeling:
diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.
www.pedicurepraktijkclara.nl
Tjessingawei 8 Hilaard
Mob: 06-55 56 44 08
Tel: 058-251 93 78

**KAMSTRA**
STEENHANDEL
BESTRATING EN GRIND
Monsamabuorren 1
Hinnaard
t. 0515 333 432
kamstrasteenhandel.nl

Vrijdag 28 oktober
viltten bij
Filt
VILTWERK
Voor beginners en gevorderden
's Morgens en/of 's middags
Zie website voor informatie
www.filtviltwerk.nl
Tongerwei 4, Baard

OPEN
DAGEN
21 & 22 OKTOBER
nieuwe
bedrijfspan
Autoverkoopbedrijf
VAN DER WAL